

**SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 39 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	Kielstra  <b>Underwerp: Hege kosten parkeergaraazje</b>
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Foar de 'eigen' parkeergaraazje fan de provinsje Fryslân, dy't hierd wurdt fan de gemeente Ljouwert, betellet de provinsje Fryslân jierliks in bedrach fan € 500.000,- dat alle jierren ferhege wurdt mei 2,5 % ynflaasjekorreksje.</p> <p>Earder (yn 2011-2012) hat de FNP ek al omtinken frege foar de yn ús eagen hege kosten en dêr is no neffens ús noch altyd alle oanlieding ta. Sa is sawat sûnt de iepening al sprake fan lekkerij fan wetter sadat in soad parkearplakken net brûkt wurde kinne.</p> <p>Fierder is it sa dat sawat alle dagen/deidielen in frij grut part hielendal net brûkt wurdt. Dat kin te krijen hawwe mei it eigen mobiliteitsbelied fan de provinsje, wêrtroch it brûken fan de fyts en iepenbier ferfier befoardere wurdt en dat fan de auto ûntmoedige. De fergoeding foar autogebrûk by it wen-wurkferkear is ôfskaft.</p> <p>En op dit stuit kin de parkeergaraazje 6 wiken hielendal net brûkt wurde troch de provinsje, fanwegen de bou fan apparteminten op de garaazje. Wy hawwe yn jierrekkens of Bestjoerlike rapportaazjes lykwols net it sinjaal krigen dat de provinsje no jild werom kriget fan de gemeente of dat minder hier yn rekken brocht wurdt.</p> <p>Dêrom hawwe wy de folgjende fragen:</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"><li>1. Wat binne de aktuele kosten op jierbasis foar de provinsje fan de hier fan de parkeergaraazje? En kin it Kolleezje de aktuele sifers jaan fan it gebrûk fan de parkeergaraazje (op basis fan de 256 plakken dy't beskikber binne)?</li><li>2. Kin it Kolleezje de effekten oanjaan fan de nota Mobiliteitsbelied (2011) op it gebrûk fan de auto foar wen-wurkferkear en de besettingsgraad fan de garaazje?</li><li>3. Hat de provinsje by de gemeente Ljouwert oantrune op in ferleging fan de hier of jild werombeteljen fanwegen (a) lekkerij, (b) it seis wiken bûten gebrûkstellen en (c) it feit dat folle minder parkearplakken brûkt wurde as nedich is? Graach in antwurd per dielfraach. As it antwurd nee is, graach in taljochting dêrop.</li><li>4. Is it ek mooglik om bûten de wykeinen en tongersdeitejûnen om de parkeergaraazje faker beskikber te stellen foar oare besikers, bygelyks it winkeljend publyk?</li></ol>

	<p>Dêrmei kin de provinsje Fryslân mear ynkomsten generearje (of in legere hier betelje) en hawwe omlizzende winkelstrjitten baat by mear besikers/klanten.</p> <p>5. Yn 2011 wie noch sprake fan de hier troch de provinsje fan 49 ekstra parkearplakken yn parkeargaraazje 'Hoeksterein'. As dat noch altyd sa is, binne mei it each op de ûnderbesetting fan de 'eigen' parkeargaraazje yn de Easterstrjitte dy plakken noch wol nedich?</p> <p>6. Is it Kolleezje ree om by in fikse strukturele ûnderbesetting yn ûnderhanneling te gean mei de gemeente Ljouwert foar in oare, goedkeapere oplossing? Kin dêrby dan ek it jierlikse stigingspersintaazje fan 2,5% oan de oarder steld wurde, dat al jierren fier boppe de ynflaasje út giet?</p>
--	--

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hantekening) FNP, Sybren Posthumus
---------------	--

Datum	28 april 2016
-------	---------------